

Ferslach jiergearkomste FFU, tiisdei 11 novimber 2008

081011 [2]

Plak: Tresoar (charterkeamer), Ljouwert
Tiid: 17.30 – 18.30 oere

Oanwêzich: T. Dijkstra (foars.), Ed Knotter (pongh., notulist); B.J. Postma (sympatisant en stiper)
leden: Y. Faas, S. Haagsma, J. Osinga, en Klaske Straatsma-Westerhof.

Mei berjocht ôfwêzich: S.T. Hiemstra (ferstjerren fan syn mem), T.v.d. Veen, G. Gerbrandy.

1. Wolkom

De foarsitter hjit de oanwêzigen wolkom yn in gaadlike romte fan Tresoar dy't Thys foar de FFU reservearre hat. De gearkomste fynt plak yn oansluting op de presintaasje fan de Fryske Kanon, dy't ús leden ek bywenje koene. Elts is der wiis mei dat de kanon, mei op oanstean fan de FFU, der kommen is. Wy hoopje dat der dizze middei net samar in moai boekje omparte is, mar dat it dokumint ek in wichtige rol spylje sil yn de kommende diskusje oer ûnderwiis en de posysje fan de Fryske taal en skiednis dêryn. Wy sille dy diskusje fansels kritysk folgje.

2. Ferslach jiergearkomste fan 7 juny 2007

It ferslach fan de jierkomste op 7 juny 2007 wurdt sûnder wizigings oannommen, mei tank oan de skriuwer. B.J. Postma fernimt nei de ANBI-status fan ús feriening, mar dat wurdt by punt 4 bepraat.

3. Jierferslach 2007

Nijsbrief/jieroersjoch wurdt oereide. Der is in protte wurdearring foar it grutte tal aktiviteiten. De foarsitter jout in taljochting op punten dy't in soad omtinken en tiid frege hawwe.

- De briefwiksel mei 't *Foarhûs*, in skoalle yn Drachten dy't seit dat it Frysk in protte omtinken kriget, mar net sizze wol op hokker wize, is sa njonkelytsen in wiidweidich dossier. De diskusje mei de MMR wol net op gong komme en is tige ûnbefredigjend.

- It Oanfalsplan Frysk hat in soad enerzjy en tiid frege. It stik leit de finger op plakken dêr't it faak misrint as it giet om de ymplementaasjes fan Frysk taalbelied yn ûnderskate domeinen. De fragen dy't it stik opropt, sille û.o. yn it ramt fan it Europeesk Hânfest útwurke wurde moatte.

- De goede relaasje mei ûnderwiisynspekteur foar it Frysk J. Oudeboon komt op it aljemint. Al yn in ier stadium hat er de FFU behelle yn it ûntwikkeljen fan in wurdearringsramt. It muoit ús tige dat er meikoarten in oare funksje kriget.

- De Fryske Underwiispriis is efkes op in sêft sin setten, om't soks frijwat tarieding freget en dat koene wy as FFU (noch) net oan. Oare dingen hawwe foarrang krige.

Om mear aktiviteiten te ûntwikkeljen soene wy faaks minsken oan ús bine kinne troch se by in beskate taak te beheljen.

- Om it ledebestân op peil te hâlden en mooglik te ferjongjen, wurde yn 'e gearkomste inkelde suggestjes dien. Sjoch b.g. nei de learareopliedings en beneierje studinten mei Frysk yn harren pakket (hawwe se dat yn prinsipe net allegearre?). Binne lesjouwers en didaktykkursisten fan de Afûk ek net te motivearjen foar de FFU? De Afûk-kursisten hawwe faak wol in sin by goed Frysk ûnderwiis foar harren bern. Us doelgroep is net yn 't foarste plak de learaars (dy fan it fuortset ûnderwiis sitte foar in part by Levende Talen), mar de âlden en learlingen, en foar ús doel rjochtsje wy ús ta de oerheden en ta de skoallen sels.

4. Finansjeel ferslach

- Ferslach 2007

Yn it finansjeel jieroersjoch is te sjen dat der in neidielich saldo is. Al binne der wol reserves, doch is it net de bedoeling om dêr op yn te tarren. In tanimmend ledetal soe helpe kinne en oars it ferheegjen fan it ledejild. Dat sa'n ferheging leden ôfskrikke sil, hoege wy net sa bang foar te wêzen, want der binne no ek al guon dy't mear as €10,00 betelje.

Dy ekstra sinten sille op oanstean fan de kaskommisje yn it kommende jieroersjoch sichtber makke wurde. Wat mear betelle wurdt as it ledejild wurdt oanjûn as skinking en kin fan 'e belesting ôflutsen wurde. Oft de ANBI-status dêr needsaaklik foar is, wurdt ferskillend oer tocht. It is ek noch net dúdlik oft wy dan fan de fiskus nei de notaris moatte om ús yn te skriuwen yn it hannelsregister. Dat moat fierder útsocht wurde, mar oant no ta hawwe der gjin swierrichheden op dat mêd west.

- Nije kaskommisje

De ponghâlder stelt út om deselde leden foar de nije kaskontrôlekommisje te freegjen. Douwe Willemsma hat suggestjes dien foar in dúdliker opset fan it finansjeel jieroersjoch en kin dus ek it bêste beoardielje oft dat yn it folgjende ferslach goed útwurke is. Koop Scholten hat ien kear de kaskontrôle dien en kin foar de twadde kear frege wurde. De oanwêzige leden geane der mei akkoart, dat Douwe en Koop frege wurde.

It foarlizzende finansjeel jieroersjoch wurdt goedkard en de ponghâlder ûntlêstige.

5. Wat fierder op it aljemint brocht wurdt

Der binne by de foargeande punten in soad ûnderwerpen behannele en fierders wurde gjin nije saken ynbrocht.

6. Omfreegjen en sluten

De foarsitter tanket de oanwêzigen foar harren bydrage en slút de gearkomste.

Beetstersweach,
20 novimber 2008

